



# Dit is de dei...

## Sara en Simon folgje Jezus

*troch Foekje-Fleur Fink*

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Dizze wike is de famylje foar it Pesachfeest nei Jeruzalem reizge. Dêr yn Jeruzalem barre dingen dy’t men allinne mar leauwe kin.

### 31. Jezus libbet!

#### Lukas 24, 1-12

Sara seach yn 'e fierte pake oankommen. Se rûn him gau yn 'e mjitte en frege: “Wêr hat pake west?”

Pake moast even neitinke. Hy sloech de earm om Sara hinne en sei: “Ik ha by it grêf fan Jezus west en dêr...” Syn stim trille. Hy woe noch mear fertelle, mar dat slagge net.

“Sil ik ús mem helje?” frege Sara. Sûnder it antwurd ôf te wachtsjen, rûn se sa hurd as se koe nei hûs ta. “Mem! Heit! Simon!” rôp se. “Pake ...”

Doe’t se mei-inoar oanrinnen kamen, seagen se pake al op 'e râne fan de wetterput sitten.

“Binne jo soms net goed wurden?” frege mem.

Pake skodholle...

Sara besocht pake te helpen en sei: “Pake hat by it grêf west.”

“By it grêf fan Jezus?” frege mem.

Pake knikte... En suchte: “En dat wie leech!”

“Leech? Dat kin net!” seine se mei-inoar yn koar.

“Ik woe it ek net leauwe. Dêrom bin ik nei de túnman ta rûn. Hy moat dêr de grêven ûnderhâlde. Dy fertelde fan de froulju mei wa’t wy juster yn 'e poarte praat ha.”

En doe begûn pake te fertellen...

De hiele nacht ha de froulju wakker lein. It wie ek sa ferskriklik wat der allegear foarfallen wie. Se holden fan Jezus. En no soe Er nea wer by harren wêze.

“Kom”, sei Maria fan Magdala, “lit ús mar nei it grêf ta gean.”

“De sabbat hat west!” sei de oare Maria.

Johanna socht de oalje, de salve en de krûden byinoar. Mei noch in pear oare froulju rûnen se nei it grêf fan Jezus ta. It wie noch tsjuster.

“Sjoch ik it goed?” rôp Maria ynienen. “Is it grêf fan Jezus iepen? It liket as is de stien oan 'e kant rôle!”

De froulju begûnen hurder te rinnen. “Wat frjemd”, sei Johanna.

Se stapten it grêf yn, seagen om har hinne... Mar it lichem fan de Hear Jezus wie der net!

Se skrokken o sa! In leech grêf? Hoe kin dat no?

Ynienen stiene der twa manlju foar harren. Dy hiene blinkend wite klean oan.

Ien fan harren frege: “Wêrom sykje jim Jezus yn in grêf? Hy is hjir net!”

It bleau stil. De frouwen wisten net goed wat se dêrop sizze moasten.

“Binne jim fergetten wat Jezus sein hat?” frege de oare man.

Wat bedoelden dy manlju eins?

Maria fage in trien wei... Johanna die in stap efterút. Doe rôpen beide manlju tagelyk:

“Hy libbet! De Hear is opstien!”

De froulju seagen inoar oan. Se koene it hast net leauwe. Jezus libbet?

Ien fan de manlju sei: “Witte jim noch dat Jezus sein hat dat Er komme soe te ferstjerren? En dat Er nei trije dagen wer opstean soe?”

Ja, dat koene se har noch wol yn 't sin bringe. Mar dat it sá wêze soe?

“Kom”, sei Maria, “dit moatte de oare learlingen ek witte.”

Se rûnen sa hurd as se koene nei it hûs fan de learlingen ta. Johanna makke in dûnske.

De beide Maria's laken troch de triennen hinne.

Oer Jeruzalem kaam de sinne op. De loft kleure prachtich read. Krekt as wie alles nij wurden.

Doe't de oare learlingen hearden dat it grêf leech wie, skodhollen se. Ien fan harren

sei: “Dy froulju binne grif yn 'e war.” Se koene it net leauwe.

Allinne Petrus kaam oerein. Dy rûn, sa hurd as syn fuotten him drage koene, nei it grêf ta. Dêr bûgde er him foaroer... En seach allinne noch mar in pear doeken lizzen. It grêf wie leech!

Soks kin men allinne mar leauwe.